



Klaar met fierljeppen

‘Rients hat altyd as lêste syn bier op, dus is it ek normaal dat hy it langste trochljept hat!’

Rients van der Wal („Dy útsjitter sit der yn.“) rent rjochting pols, Klaas Haanstra („At Riens wol dat ik efter him oandraaf, dan doch ik dat.“) volgt als coach.

Foto LC/Anne Zorgdrager

De laatste der Mohikanen. Zo zou Riens van der Wal genoemd kunnen worden. Hij maakte 25 jaar lang deel uit van een generatie fierljeppers die de afdeling It Heidenskip kleur gaf én op de kaart zette. Vanmiddag neemt de Heidenskipster in Winsum voor de laatste keer in zijn lange carrière deel aan het Fries kampioenschap. Voor de 25ste maal staat hij op het FK, met de één na laatste gestopte Klaas Haanstra, als coach achter zich.

Door Edwin Fischer

Dat Riens van der Wal na dit seizoen stopt is opmerkelijk. Nadat de inmiddels 36-jarige geboren en getogen Heidenskipster besloot om niet tegelijk met zijn vriend en grootste fierljeppmaat Klaas Haanstra af te zwaaien, zou het op zich logisch zijn geweest als de topklasser had besloten nog enkele jaren door te gaan.

Maar Riens van der Wal vindt het welletjes. „Fan 'e winter hie ik al tsjin Hinke, myn frou, sein dat ik nei dit jier stopje soe. Net mei in spesifike reden of sa. Gewoan, ik bin der wol klear mei.“ In 2006 wilde hij het fierljeppen nog niet gedag zeggen door de invoering van de carbonpols.

„It wie net in superjier, 2006“, schampert Van der Wal. „We koene yn de taryeding noch net traine mei de karbon omdat dy der gewoan noch net wie. Pas yn Juny hiene wy yn It Heidenskip in karbonpols. Tidens it seizoen ferbettere ik dan wol myn persoanlik rekord (van 18,61 meter naar 18,66, red.), mar dat wie net de progresje dy't ik ferwachte hie. Ik wie der noch net klear mei.“

Om dit jaar echt te kunnen knallen, trainde de foeragehandelaar deze winter meer dan ooit. Met de tweeling Oane en Ysbrand Galama als maatjes.

„Earst trainden wy in protte yn 'e klimpeal yn ús loads. Mar de mannen fûnen dy te lyts en ha in peal fan mear as acht meter yn harren skuorre makke. De trainings dêr wiene machtich, mar ik wie echt 'zielig' yn fergeliking mei dy mannen. Dy binne mei it klimmen in klasse apart. Sels mei in rêchsek fol sân wiene se noch flugger as ik.“

Waar de Galama's wel forse progressie boekten - beiden hebben inmiddels een persoonlijk record van ver in de 19 meter - is Riens van der Wal er nog niet in geslaagd om tot nu toe zijn beste prestatie ooit te verbeteren. „Ik baal dat al it wurk dat ik der yn stutsen ha, der noch net útkomt. Mar dy útsjitter sit der wol yn. Ik bin al sa

faak boppe yn de pols kaam, mar hieltyd wer gean ik bryk. It is krekt oft ik net rjocht oer gean mei!“

Zelfs de inbreng van Klaas Haanstra heeft nog niet tot die ene supersprong, die Van der Wal eindelijk over die zo gewenste 19 meter moet brengen, kunnen leiden. „It hie fan my net hoecht“, zegt Haanstra. „Want ik bin der efter kaam dat ik it prachtich fyn om lâns de kant te sitten en nei de wedstriden te sjen. Mar as Riens it moai fynt dat ik efter him oandraaf, dan doch ik dat. En al sil myn bydrage mar ien persint wêze, at ik helpe kin om Riens 19 meter springe te litten dan fyn ik it de muoite wurdich.“

De Heidenskipster, die al in

2003 besloot dat het FLB-jubileumjaar 2006 zijn laatste ljepeizoen zou worden, kijkt in zijn eerste 'pensioenjaar' dus met veel plezier naar de wedstrijden. „It is my hiel bot meifallen. Doe't ik sels noch sprong wie ik somtiden blessearre, mar dan koe ik net genietsje fan it sjen nei in wedstriid. Dat wie allinnich mar frustrearjend. De senioaren binne echt super dit jier. En hast no ek ris each foar de oare klassen.“

Dat zijn maatjes Riens niet tegelijkertijd met hem gestopt is, vindt Klaas Haanstra logisch. „Riems hat fan ús groepke altyd as lêste syn bier op, dus is it ek normaal dat hy it langste trochljept hat!“ Het is de humor die de sfeer bij het fierljeppen in zijn algemeen kenmerkt.

Haanstra: „Wy ha it altyd serieus oanpakt, mar de geselligens wie foar ús krekt sa belangryk. Wy ha jierren tegearre mei Hendrik Bokke (Haanstra, red.) en Marten (Groenhof, red.) nei wedstriden west en traint. Riens is de lêste fan in hiele generaasje út It Heidenskip dy't ophâldt.“

„Wy ha mei alle grutte mannen ljept“, vult Riens van der Wal aan. „Gerhard Vlieger, Bjinse Wolters, Rimmer Abma, neam se mar op. Mar it is no moai west. Al soe it prachtich wêze as ik op dit FK noch ien kear goed prestearje kin. Want dat hat wol altyd myn kracht west: de grutte wedstriden mei in soad publyk. Dêr ha ik it altyd foar dien.“